

It lêste rûntsje

Rêstich lizzend op myn stjerbêd
As der gjin stoomwals oer my hinne riden is
Gjin fleugel sa mar út'e loft fallen op myn holle
Dream ik faaks swietfleurich foar my út
Tebektinkend oan'e bernetiid
As der genôch ûnthâld bestiet
Bondels dy't ik wol en alle
Bondels dy't ik nea skreaun ha
Grutte leafdes ien heechút twa
Komt dan in himelsk sjongend ingel
Koar yn strieljend ljocht fol leafde op my ta
Is it tiid foar it lêste rûntsje
Mar ik wol glês noch flesse
Op myn stjerbêd wol ik tate ha.